

**Fan twa troude heterofilen en ien homofile âldfeint
Of: Feitsma en de feiten**

Geart van der Meer

Bron: *Trotwaer*. Jaargang 14. Koperatieve Utjowerij, Bolsward 1982

Doe't ik yn 1979 myn skôging ier de Samle Fersen (SF) fan Obe Postma publisearre (*Trotwaer* 1979, s. 209-256), wie ik fansels net sa nayf en ferwachtsje dat dêr gjin krytyk op komme soe. Dy krytyk is fansels ál kommen, fan de kant fan A. Feitsma yn *Trotwaer* 1980 (s. 12-65), (tenei AF), ûnder de titel: *Obe Postma, un tachtiger yn Fryslân*. Omt ik doedestiids noch yn 'e redaksje siet, hie ik dat stik al yn 't foar yn manuskript sjoen. Mei't ik it op ûnderskate punten net mei har lykfine koe, haw ik har dêroer doe in briefke skreaun. It gefolch wie dat hja hjir en dêr har stik wol oanpast hat, mar op oare plakken wer net. Sadwaande binne der oer myn stik inkelde passaazjes stean bleaun, dy't nei myn betinken wol wat bij de wierheid troch wiene. Dat haw ik oant no ta gewurde litten, want sa wichtich wie dat allegear no ek wer net, en ik hie (en haw) wis wol wurdearring foar Feitsma har Postma-stik. Boppedat hie ik de ferwachting dat mei de tiid Feitsma faaks hjir en dêr ta in oar ynsjoch komme soe.

No, dat is wol wat ôffallen. Dat hat okkerdeis (sneon 23 jann.) bliken dien net sa te wêzen. Feitsma iepene dêr, mei Tineke Steenmeijer-Wielenga, de rige Postma-lêzingen fan dit winterhealjier, dy't organisearre wurde troch it literair-histoarysk wurkferbân. Op fragen fan mij en Tamminga kamen antwurden dy't noch net tsjûgje fan in neieroan kommen oan myn (en Tamminga syn) krytyk. Dêrom kin ik it no dochs net litte en gean hjir yn op it artikel fan Feitsma fan 1980. Ik sil hjir ek noch in brief brûke fan Feitsma oan it bestjoer fan it literair-histoarysk wurkferbân, it FLMD, D.A. Tamminga en mijfels. Dy brief is skreaun deselde dei fan de lêzing (23-1-1982), dat it siet har sa't liket wol heech. Omt it net in persoanlike brief is, haw ik it frij dêrút te sitearjen. Ik woe dan mar domwei bij it begjin fan har stik begjinne en dan sa nei de ein ta arbeidzje.

Feitsma har toan is hjir en dêr net al te saaklik. Op AF s.12 skriuwt se (omstaverre): Guon skôgers witte ornaris ek even te goed dat Postma in âld man en in âldfeint wie dêr't noch wolris in pear anekdoaten oer geane en dy't eins wat bûten de wrâld stie fan de insiders dy't, lykas dy skôgers sels, yn it folle libben steane en foar fol oansjoen wurde moatte.

Dat begjint moai, en ek dat 'guon' is in goeie fynst fansels, want dêr kinne je hiel wat under beflappe, sûnder wat bewize te hoegen. Mar goed. Op dyselde side komt dan de earste oanfal op myn persoan (oft ik ek sa'n 'guon' bin of net, is net sa dúdlik): ik haw op side 229-30 fan myn stik (tenei VDM) skreaun -
(...) Postma skriuwt net oer grutte machtige dingen lykas wrâldoarloggen, dat kinne wij ek net fan him ferwachtsje mei syn beheinde ûnderfining - hie er it wol besocht, dan wie it in mislearring wurden.

Op AF s.52 komt se dan werom op dy 'beheinde ûnderfining', want se kin har dêr net yntinke hoe't in man dy't sa'n oeuvre skept in beheinde ûnderfining hat: hij moat ynderlik dochs wol it ien en oar 'meimakke' hawwe. Fansels. Ek ik haw myn hiele artikel troch myn grutte bewûndering foar Postma net ferburgen hoden, en dan moat sa'n man dus *geastlik* wol it ien en oar ûnderfûn hawwe. Mar 'ûnderfining' betsjut hjir fansels ûnderfining yn it *uterlike*: ik leau nammers net dat Postma as generaal of soldaat of hoe dan ek de slach bij de Marne meimakke hat. En bij de eksekúsje fan Mata Hari hat er grif ek net west. Mar at je net ree of yn steat binne om út de ferskillende mooglikheden dy't taal ús yn ynterpretatyf opsicht biedt,

de goeie te kiezen, ja - dan meitsje je misse streken lykas Feitsma hjir docht.

Tamminga moat op deselde s.12 (AF) ek noch in dúst ha, wêrom is mij net sa dúdlik. Mar Feitsma falt oer Tamminga syn wurden (s.11 fan de ynlieding yn SF) (...) hoewol grif net sûnder jeften foar de mathesis en de fysika, sjoen ek syn publikaasjes as jongere learaer yn faktydskriften, moat er himsels by einbislút tajaan dat er winklik gjin bysûndere oanliz hie foar de natuerwittenskippen.

Neffens Feitsma jout Tamminga hjir Postma in ûnfoldwaande rapportisifer, en hat er in opmerking fan Postma sels (wêr't Postma dat sein hat, skriuwt se der dan wer net bij, sadat de lêzer dus net even kontrolearje kin wa't gelyk hat) lêzen mei 'wat te min gefoel foar kontekst en nuânses yn Postma syn eigen opmerking dêroer'. Ja, lou loene. Wa hat hjir te min gefoel foar kontekst en nuânses? Dat fan dat *ûnfoldwaande rapportisifer* stiet der net, dat makket Feitsma der gau eefkes fan, en fierders, wat ferstiet *sij* dan wol ûnder in *bisûndere* oanlis? Feitsma bewust fierderop (mar dat wisten wij ek al út útspraken fan oaren, én út Postma syn list mei publikaasjes) dat er as wis- en natuerkundige beslist net sa min wie. Akkoart. Mar dat soene je bij Tamminga ek wol sa lêze kinne (ynklusief it typysk fryske understatement 'grif net sûnder' dêre). En al binne je dan hûndert kear perfesterdokter FEITsma, dat binne dan ek noch ris feiten. Wa hat it hjir (AF s.13) oer 'safolle' misbegryp'?

It is sûnder mis de fertsjinste fan Feitsma dat se der op wiisd hat dat yn alle gefallen yn 1915 Postma al monistysk dichtet (s.25). Sels jou ik, leau ik, myn earste foarbyld dat monistysk opfette wurde moat út 1925, al binne der ferspraat yn myn stik ek oare oanhellings dy't earder binne (VDM 241). Feitsma seit dan dat ik dus 'mis' bin at ik skriuw *dat* Postma earst yn de tiid fan syn lettere fersen 'ûnder ynfloed kommen is te stean fan filosofyske streamings'. Foar in ynterpretaasje fan myn passazje, *mei* gefoel foar kontekst en nuânses, wol ik der graach op wize dat ik net *dat* skreaun ha, mar *as*:

Dat er him letter bij it 'gewoane' hâlde koe, beseft Postma sels oer it algemien hiel goed, hokker besef dochs dus net altyd foarkomme kinnen hat dat er, bij syn sykjen om it ûnpeilbere achter dy gewoane dingen te ferwurdzjen, út en troch - en dat *fral* yn de *lettere* fersen, leau ik, as er ûnder ynfloed *kommen is te stean* fan filosofyske streamings - syn taflecht nimme moast ta grutte, swiere wurden (...) (VDM 232-3, mei ûnderstreking út 1982).

Ik ha der bij myn stúdzje, dy't in *algemiene* karakteristyk jaan woe, net op út west om in earste fynplak foar monistysk dichtsjen te jaan. Ik socht *al* om in gaadlik fers foar in sitaat yn myn skôging. En fierders bin ik net alhielendal gek: at je noch ris goed nei de ûnderstreke wurden sjogge, moat de konklúzje wol wêze dat Feitsma ek hjir wol wat hastich oardielet: wat betsjut 'fral'? en 'letter'? Betsjut 'letter' allinne mar de twadde fyftich persint? En 'kommen is te stean' betsjut tafallich net itselde as 'komt te stean'. Ja, je binne taalkundige of net, soe ik mar sizze wolle.

Sjoch, it is sa maklik om in oar syn wurden de meast ûngeunstige draai te jaan dy't je mar betinke kinne, en om dan mar ta te houwen. Lyts keunstke, kin ik ek. Sa skriuwt Feitsma (AF s.34) dat Postma 'yn earste opslach meast oer it ferline en de bernejierren' dichte. It is al hiel maklik om soks oan te tallen, want at je de 49 fersen fan *Fryske Lân en Fryske Libben* (foarste pr.) besjogge sa't se yn SF steane, dan tel *ik* mar 15 dy't oer ferline en bernejierren geane, en mar leafst 34 oare, dy't yn haadsaak oer oare dingen geane. In oar soe faaks justjes oars telle, mar folle ferskil sil der net wêze. In moaie oanlieding om Feitsma in reis te ferkeapjen? Nee, want dat 'yn earste opslach' is faaks wat al te dizich. In ferstannich minske pleatst dan in krityske kanttekening, en dat is dan ek wol sa fatsoenlik.

Ik gean troch. Mei de meast grouwélige ferdraaiing fan myn wurden út it hiele stik. Feitsma 'bewiist' mei har opmerkings oer *Myn poëzij* (SF 325) dat de *oanlieding* (*in casu* Jan Melles van der Goot syn *Libbensleare for de Fryske nasjonalist*, 1937) fan dat fers derbij

moat foar in goede ynterpretaasje. Dat dat boek de oanlieding is, stiet der ek letterlik sa boppe, Feitsma skriuwt no (AF s.41) dat yn 'e lêste strofe Postma tsjinoer it 'moai en suver' fan Jan Melles (en Postma skriuwt dat ek letterlik sa tusken skrapkes, dat we kinne sjen dat it in sitaat is) 'de dingen fan de minske' stelt. Wat seit no dy rare Van der Meer? Neffens Feitsma: 'Hjir is net "hwat "moai en suver" hjitte" it ideaal, lykas Van der Meer liket te mienen, mar "de dingen fan de minske" dy't de dichter yn syn âlderdom dêrtsjinoer stelt'. En myn beoardieling dat 'de dingen fan de minske' dan sa 'moai en suver' sein is, soe dan neffens har 'folslein' foarbijgean oan 'e bedoeling fan Postma. Folslein. Ut dat lêste docht bliken dat se eins myn wurden wol goed begrepen hat, want (yndie) ik sis neat oars as dat Postma it hjir 'moai en suver' ûnder wurden bringt. Sjoch mar, want nei de lêste strofe sitearre te hawwen sis ik (VDM 234): 'Ja, dat is dochs wol hiel moai en suver om it sa sizze te kinnen: de dingen fan de minske... Mear net, mar is it net alles?'

Domme Van der Meer fynt dus *net* dat bij Postma it ideaal is datjinge dat *moai en suver* is, mar krekt de *dingen fan de minske*. Dus. En mei domme Van der Meer fierders it frij ha om te sizzen dat er (dat *hijself*, Van der meer dus) fynt dat eat moai en suver *sein* is. Moat domme Van der Meer soms fine dat Postma it hjir *mâl en nuver* opsein hat?

Ut Feitsma har brief fan 23 jann. docht bliken dat se wol deeglik begrepen hat njonkelytsen dat it hjir om in *oardiel fan mij* giet. Sa fier binne we no dus al. Ungelyk tajaan komt noch. Mar ja, foar 'guon' lju is it soms slim om ûngelyk te bekenen. Mar ik ha noch wol even tiid, hear.

Noch wat oer datselde fers. Feitsma (AF s.41) seit oer de rigel fan Postma Né, dy dagen wienen net altiten lokkich, mar ek wolris mei tsjusterens en fortriet, it folgjende:

Dy rigel (...) is in ferburgen sitaat fan, of better sein in andert oan Jan Melles, mar dy rigel tsjinnit eins mear as kontrast mei de beskriuwing fan de jonge jierren troch de dichter sels. Mei't Van der Meer it fers op himsels lêst en net as part fan de diskusje, sjocht er dy rigel as in belangryk elemint yn Postma syn eigen beskriuwing fan de jonkheid yn dat fers.

At ik Feitsma hjir goed begryp, dan wol se der op út dat dy dagen mei ek wol ris tsjusterens en ferriet *net* in ferwizing binne nei Postma syn *eigen* jonkheid. Dy ynterpretaasje fan mij kloppet, nim ik oan, want yn de brief fan Feitsma stiet: 'Ik lêst dy rigel dêrom oars as Van der Meer, dy't de tsjusterens en it ferriet sûnder mear yn Postma syn dichterlike jonheidswrâld hellel'. Mar lit ús dan no ris it fers *Myn poëzij* sêls lêze. De earste fjouwer rigels dêrfan geane sá:

Myn poëzij is de dream fan in sneontomiddei as de sinne skynt,
En de sinne bringt my wer de libbene dagen fan myn jonkheit.
Né, dy dagen wiene net altiten lokkich, mar ek wol ris mei tsjusterens en fortriet,
Mar hwat nou de sinne is, dat wie doe it greate libben sels.

Yn rigel 3 stiet 'dy dagen', en dat *dy* moat earne nei ferwize. Neffens mij kin dat *dy* nearne oars nei ferwize as nei 'de libbene dagen fan myn jonkheit'. Let op, der stiet '*myn* jonkheit' yn dy rigel 2, en fierders hjit it hiele fers fansels en noch ris *MYN poëzij*! Dat binne dochs allegear klare bewizen dat it hjir om in tige persoanlike útspraak giet oer *eigen* belibjen. Sa sjogge je mar wer: men *moat* mei oare wurden de oanlieding derbij nimme om ta in glêd ferkearde ynterpretaasje fan sa'n gedicht te kommen.

Ik moat fansels Feitsma earlik tajaan dat ik op side 235 fan VDM oerdreaun haw: ik sjoch no ek wol yn dat 'hast al Postma syn gedichten' *net* perfoarst binne 'de hûnderten kearen herhelle rop fan ek in "leafdeleaze" om der bij te hearren, fan in man dy't hieltyd wer oer syn freonen prate moast *omdat er se net hie*'. Hij hie yndie in freon yn De Boer, dy't ik nammers sels ek wol neamd ha yn myn stúdzje. Mar om no oan 'e oare kant te sizzen dat ik *alle* problemen fan Postma werombring ta syn homoseksualiteit (AF 51) liket mij ek wer net

earlik ta. Dêrta jout myn stúdzje as gehiel gjin oanlieding, tinkt mij sa. Ik bin ek noch sa eigenwiis te mienen dat ik ek net de útspraak fertsjinne haw (AF 55) dat ik tinke soe dat Postma in 'ienfâldige siel' wie. Feitsma tinkt ek noch dat ik it mij te maklik makke haw. Wel, ien dy't sa faak mij ferkeard begrepen hat, hat it harséls te maklik makke, en hat net echt har bêst dien om te befetsjen wêr't ik op út woe. Ik sil bij dat misbegripen mar net oan slimmere dingen tinke.

Bêste lêzer, binne jo der noch? Noch even de kop derbij skuorre, hear, want it wurdt noch helte nijsgjirriger. Ik kin fansels om 'e romte (en om jo geduld) net oeral op yngean, mar ien ding wol ik jo net ûnthâlde. Ik haw (VDM 234) it wurd *tragyk* brûkt nei oanlieding fan *Myn poëzij*. Feitsma seit dat dat wurd der net stiet. Akkoart. Postma is neffens har in begenedige dichter, dy't mear 'wit' as wij (AF 53). Graach akkoart, binne wij it ek ris iens. Mar dan seit se: 'it is net fair om dan as wraak begrutsjen mei him te hawwen' (AF 53).

Wraak? WRAAK?

Hoe komt se *dêr* no bij?

Wel, dat sit sa. Yn har brief fan 23 jann. stiet ditte, neidat se al wer oer it wurd 'tragysk' fan mij en ek Tamminga fallen is:

'Tragysk' soe it wêze as Postma wêzentlik minder as oare minsken ta ûntjouwing kommen wêze soe. Dat sjoch ik net. De karakteristyk 'tragysk' krijt yn dit ferbân foar mij de wearde fan in soarte fan begrutsjen mei de dichter troch de skôger út in soarte fan superioriteitsfielen wei. Dy superieure hâlding foar Postma oer mei ik net lije, en dy hat ek gjin inkelde grûn. As ik it ris hiel cru sizze mei: ik priuw yn dit soort karakteristiken it begrutsjen fan de 'normale' troude heterofyl mei de 'tragyske' homoseksuele âldfeint Obe Postma.

O, binne sokke dingen tsjintwurdich ek al fan belang foar in 'goede saaklike' (ferl. AF 41) ynterpretaasje fan wat in skôger sizze wol? Stiicht it peil fan de diskusje no sá heech dat Tamminga en ik no op ús bar earst fêststelle moatte hokfoar (hetero, homo, biblio, franco, anglo, russo, concho, gastro, oxy, theo of dochtdernetta)-fyl Anthonia Feitsma is, foardat we har skriuwen oer *ús* as skôgers goed en saaklik ynterpretearje kinne?

Nee, ik hâld it leaver wat saakliker. Faaks wurdt it wurd 'tragyk' hjoeddedei wat al te maklik brûkt, en it soe wêze kinne dat ik mij dêroan besûndige haw. Mar lit ús de SF ris trochsneupe.

SF s. 172 (út *In hûs*):

Ienkear, hwa wit, as alles mei my wie,
Ek hwat ik nou net neame doar,
Miskien dat my genede joech
It dreamebyld dat net forstoar.

SF s. 201 (út *Troch it folk hinne*):

En, al praat ik der sa net oer, ik haw dochs ek de groeden, dy't spyt dêr yn dreau hat.

SF 223 (út *Ipe Bouwe' soan*):

En smert om lytsens kurf syn merken yn.

SF 235 (út *Iedereis*):

En hwat der wêze moast freugd fan myn jeld,
Dat kin ik - ûnloks tiid - net reedzje nei begear.

SF 325 it fers *Myn poëzij*, dêr't ik it niis al oer hân haw, mei disse rigels:

(r.5)

Mar it libben fan de man hat net wurde kinnen hwat it wêze moast,
(en r.9)

Earst de âlderdom hat mei hwat wiisheit oerwinne kinnen,
En foar hwat ‘moai en suver’ hjitte hat hja de dingen fan de minske steld (...)

Ik wit dat Postma as dichter net in kleier is, en syn filosofy is earder optimistysk as pessimistysk. Ik wit ek dat boppesteande net oeral *alhiel* dúdlik is, mar krekt dêrom binne disse rigels dochs wol wat ferbjusterjend: der hat dochs sa't skynt wol wat mei Postma west, faaks mear as Feitsma tajaan wol. Immen dy't wurden as *genede, groeden, spyt, smert* (en *ûnlók* faaks ek?) brûkt, ien dy't oer it algemien net sa gau sokke swiere wurden brûkt, fral net oer him sels, sa'n ien is faaks noch net it wurd ‘tragyk’ op fan tapassing, mar hielendal neat wie it dan dochs ek net. En it mei dan wêze dat Postma yn 1916 skriuwt (*Lok*):

As dit eigen libben bloeide
Nei syn aerd, dan is it goed. (SF, s.81)

men mei jin dochs wol ôffreegje oft Postma altiten, ek dêrnei, tocht hat dat syn eigen libben bloeid hat nei eigen aard.

Noch ienkear werom nei AF. Op s. 56 krij ik noch ien lêste kear in feech. Ik soe de earne lêzers yn myn stúdzje oer Tamminga (*Trotwaer* s.186) ‘wysmeitsje’ wollen hawwe dat Postma ‘in eigen wrâld’ bijinoar’ dichte hat; nee, seit Feitsma, ‘dy wrâld is útgongspunt en ûnderwerp fan syn dichtsjen’. Spitigernôch (foar jo geduld, lêzer) noch ien lang sitaat om te toanen wat ik wol sein haw:

(der kin oer Tamminga syn wurk) ‘dochs net sein wurde dat syn wurk ynhâldlik in ienheid foarmet, yn de sin dat der in beskate dúdlike, of min ofte mear dúdlike, eigen libbensskôging yn nei foaren brocht wurdt. Tamminga stie, en stiet, yn 'e wrâld en reagearret dêr op, mar hij dichtet net in eigen wrâld bijinoar, sa't Obe Postma dat dien hat. Tamminga is beslist net in filosofysk oanlein dichter’.

Eefkes fierderop haw ik it dan noch oer it ‘ienheidswrâldbyld’ fan Postma, en dêr wurdt dan wol dúdlik troch, dat mei wat gefoel foar ‘kontekst en nuânses’ (sj. AF s.12!) dat ‘eigen wrâld’ fan mij begrepen wurde moat as *eigen wrâldbyld*. Sa simpel leit dat foar ienfâldige sielen dy't lêze wolle. N't wier?

Dan no noch de útsetter. Myn Postma-skôging koe as folslein nûmer fan *Trotwaer* ferskine. Dy fan Feitsma net, dy is *part* fan in nûmer. Dat haw ik no al in stikmannich kearen hearre moatten. Je soene hast tinke dat dat in ferwyt oan mij is, want ik siet doe noch yn 'e redaksje. Lit mij dit sizze. Doe't it stik fan Feitsma binnenkaam, wie de redaksje der net sa optein oer, fral om de neffens de oaren wat gelykhawwerige toan. Ik haw fan it begjin ôf pleite foar opnimmen, yntegraal (want se woene earst ek noch bekoartsje), en dat omdat mij tocht (en tinkt) dat it dochs wol kwaliteiten hat, nettsjinsteande de hjirboppe behannele nuvere oanfallen op mij en Tamminga. Om mij mocht it ek in apart nûmer wurde as it sa útkaam, mar dat woene de oaren net, want se woene no leaver in nûmer ha mei wat mear ferskaat. Sa is dus dien. Mar ik woe mar sizze: at ik kwea wollen hie, hie ik publikaasje faaks net foarkomme, mar wol slimmer meitsje kinnen. De redaksje fûn mij hjir nammers de ‘expert’, wat ik wol wat oerdreaun fûn, mar wat wol ynhood dat se op dit stik fan saken foar in wichtich part fan har oardiel op mij te seil gong.

En dêrnei hoopje ik dan ek *dit* misferstân út 'e wrâld holpen te hawwen. Mocht de redaksje fan betinken wêze dat ik hjir stean te ligen, dan moatte se (te witten redaksjeleden fan doe: Jan Wybenga, Oene Spoelstra, Goaitsen van der Vliet en Eppie Dam) dat mar yn in neiskrift bij myn stik buorkundich meitsje.

En fierders soe ik noch wolris witte wolle wat no in *tachtiger* is. Wie Obu Postma echt ‘un tachtugur yn Fryslôn’, sa't Feitsma ús ferdútst?

Taheakke

Ik soe hjir noch even weromkomme wolle op it fers *Myn poëzij* (SF 325), dat ik foar it gemak

yn syn gehiel werjaan sil;

Myn poëzij

Nei oanlieding fan in útlitting fan Jan Melles yn 'Libbensleare for de Fryske nasjonalist'.

Myn poëzij is de dream fan in sneintoneimiddei as de sinne skynt,

En de sinne bringt my wer de libbene dagen fan myn jonkheit.

Né, dy dagen wienen net altiten lokkich, mar ek wol ris mei tjusterens en fortriet,

Mar hwat nou de sinne is, dat wie doe it greate libben sels.

Mar it libben fan de man hat net wurde kinnen hwat it wêze moast,

En de man hat tagong socht ta herinnerjens kostbre gielgoerde

-O de lûden fan it foarjier, o de roken fan de simmer!-

En ta it forline fan de geslachten, dêr syn bloed út fuortkomd is.

Earst de âlderdom hat mei hwat wiisheit oerwinne kinnen,

En foar hwat 'moai en suver' hjitte hat hja de dingen fan de minske steld,

Sa fier as myn freonen it mei bilibje kinne.

Feitsma (AF 40-1), dat wie hjirboppe al dúdlik, wol dit fers net op himsels lêze, en achtet de oanlieding (Jan Melles) fan wêzentlik belang foar it goeie begryp fan it gedicht. No is dat yn syn algemienheid fansels wier: wa't *hielendal* neat wit oer Jan Melles soe faaks wolris wat op 'e doele reitsje kinne. Iksels koe it boek ek net bij it skriuwen fan myn skôging, mar yn Piebenga syn *Skriftekennisse* (mien ik) hie ik wol it ien en oar lêzen *oer* dat boek. Ik haw nammers ek noait bewerd dat in fers *foslein los fan syn kulturele kontekst* lêzen wurde kin. Dan soe ik ek wol sljocht wêze. Feitsma bewerd lykwols folle mear: dy achtet in stik tekst út *Libbensleare* ûnmisber foar de ynterpretaasje en makket dat hast ta in part fan it gedicht *Myn poëzij* sels (sj. hjirboppe). Hja brûkt yn dit ferbân ek wurden as 'diskusje' (mei Jan Melles), en 'andert' op dy syn boek. No ferskynde de *Libbensleare* yn 1937, en *Myn Poëzij* is better net te witten net foar 1951 te datearjen (doe't Jan Melles al lang dea wie), dat it is wol wat nuver om dan wurden as 'diskusje' en 'andert' te brûken. Dat fiede se sels sa't skynt ek wol oan, dêrom freget se har ôf oft it fers faaks net in hiel set yn it laad lein hie foar de publikaasje yn 1951. Dat kin. Mar it bewiis is net levere.

Ik gean der dêrom earst mar fan út dat it fers fan 1951 is. Fierders stiet boppe it fers dat it skreaun is *nei oanlieding fan in útlitting*, dat wiist ek al net op diskusje of antwurd. Mar lit mij earst ris it fers parafrazeardewei analysearje sûnder de oanlieding derbij te heljen, dan kinne we ris sjen hoefier't we sa komme.

Yn de earste strofe (fjouwer dichtrigels) skriuwt Postma dat syn poëzij eins in dream is dy't er op sinneskyn sneintemiddeis sjocht, omt de sinne him tinken docht oan eardere dagen yn syn jonkheit. *Dy* dagen wiene net altiten lokkich, dat moat er tajaan. Tajaan oan wa?, mei men freegje. Wel, de wurden 'Né, dy dagen...', mei fral dat réaktive *nee*, wize der hjir dúdlik op dat Postma hjir immen gelyk jout, en dy immen kin sjoen it opskrift fan it fers gjinien oars as Jan Melles wêze. Wij meie dus oannimme dat Jan Melles itselde bewerd hat as Postma no yn rigel 3 ek docht, alteast út Postma syn wurden docht bliken dat hij (Postma) dat oan Jan Melles taskriuwt. Yn rigel 4 seit de dichter dan dat, nettsjinsteande de sinne fan no, it doe dochs it grutte libben sels wie. Ik lês hjir út dat Postma it echte belibjen heger stelt as it neitinken letter. Dat

neitinken hat heechstens de funksje dat libben wer op te roppen. Dat libben fan doe *mei* syn tsjusterens en ferriet, dát wie 'great' en dát wurdt wer opropen troch de dream.

Twadde strofe. Stie yn 'e earste strofe it libben fan it *bern* en de *jonge* sintraal, hjir skriuwt de dichter dat it libben fan de *man* net wurden is wat wol moatten hie, en dat krekt troch dy teloarstelling de dichter suver hast syn taflecht, alteast 'tagong', socht hat yn it herinnerjen, dat him treast jaan kin. Ik nim oan dat de lûden fan it foarjier en de simmerroken

dy fan 'e jonkheit binne. De lêste rigel fan disse strofe moat wol ferwize nei Postma syn histoaryske stúdzjes, dy't dus ek datjinge binne dêr't er tagong ta socht hat. Yn disse strofe wurdt mei oare wurden in reden jûn foar it dreamen: de teloarstelling fan de *folwoeksene*.

Strofe trije. Hjiirre steane de wurden 'moai en suver' tusken skrapkes, dat men mei oannimme dat dat in sitaat is, en sjoen alwer it opskrift moat dat wol in sitaat fan Jan Melles wêze. Postma seit yn disse strofe dat de âlderdom earst mei wat wysheit 'oerwinne' kinnen hat, en *wat* oerwûn is, moat wol de ymplisearre teloarstelling fan de twadde strofe wêze. Hoe? De ien nei lêste rigel is lang net maklik, mar is neffens mij sá te lêzen: de âlderdom is ôfstapt fan it sykjen om it *moaie en suvere* en hat beseft dat de 'dingen fan de minske' fan grutter wearde binne. Postma set him sadwaande op hege jierren komd of tsjin de foarkar foar it *moai en suver*, dy't er oan Jan Melles taskriuwt en dêr't er sa't liket *sels* ek net frij fan west hat. Tebeksjend soene je dêrom hast tinke moatte dat it herinnerjen fan strofe twa fral de foarkar jûn hat oan it moaie en suvere fan earder tiden. De âlderdom beseft no dat *alles*, net allinne it moaie en suvere wearde hat *bij it dichtsjen* (it fers hjit noch altyd *Myn poëzij!*).

Gearfetsjend: strofe ien seit dat Postma syn poëzij in dreamen is oer de jonkheit, dy't (sa stimt er Jan Melles mei) net allinne moai wie. Strofe twa jout de reden fan it weromdreamen (de teloarstelling as folwoeksene). Strofe trije ymplisearret tebeksjend dat it herinnerjen fan strofe twa in foarkar hie foar it moaie en suvere, en seit dat de wysheit fan de âlderdom dêrfoar yn it plak steld hat 'de dingen fan de minske' en dus net it selektive fan foarhinne. Pas de lêste strôfe distânsearret him dus fan Jan Melles, alteast fan wat Postma oan Jan Melles taskriuwt.

Sûnder eigenwiis lykje te wollen, doar ik dochs te sizzen dat dit in moai folsleine ynterpretaasje is fan *Myn poëzij*, sûnderdat de *Libbensleare* dêr oan te pas kommen is. Feitsma hat dy *Libbensleare* der al bij hân, hat dêr foar de ynterpretaasje neat mear úthelje kind as ik dêrsûnder dien haw (earder folle minder), hat mij yn 'e flecht wei ek noch mar ris wer goed ferkeard lêzen, en... hat faaks en noch - lykas Postma sêls, liket it - de *Libbensleare* net goed lêzen.

Want... wat stiet yn dat boek op side 5? Lit mij ek noch mar werris dy bewuste rigels sitearje:

Mar lit ús earlik wêze, yn dy tiid, dy't Obe Postma yn syn dichtwark sa moai en suver foar ús bisjongt, wierne wy lang net altiten lokkich. Ek do hiene wy út tsjinstuiten en tobeksetten, ús fortriet en lijen en skrieme koene wy do better as no.

Neffens mij falt hjir *net* út te lêzen dat Jan Melles beweart dat Postma de jonkheit beskriuwt *as soe dy moai en suver wêze*. Taalkundich besjoen stiet der earder dat de *manier fan beskriuwen* moai en suver is, want 'moai en suver' moat wol in bepaling bij 'bisjongt', wêze. Soene wij dy wurden ferfange troch bijgelyks 'artistyk' of 'nostalgysk', dan docht wol klear bliken dat dat yndie sa is: de jonkheit kin net artistyk of nostalgysk wêze. Dat wurdt noch dúdliker at we sizze soene: 'knoffelich besjongt'. No kin it fansels wol wêze dat Jan Melles him hjir ûnkrekt útdrukt hat, en sjoen de omttekst is de ynterpretaasje fan Postma en Feitsma net alhiel te fersmiten, mar dochs leau ik dat wij hjir better mar wat foarsichtich wêze moatte, ek al omt Postma troch Van der Goot mar hiel en passant neamd wurdt. Al mei al ropt de passazje yn de *Libbensleare* mear fragen op oangeande de ynterpretaasje fan *Myn Poëzij* as dat Feitsma alteast beantwurde hat.

Ynearsten haldt ik mij bij de stelling dat earst in fers sêls lêzen wurde moat, en goed, foardat men nei eventuele oanliedingen grypt. Ut it *fers* moatte wij ôfliede wat der *neffens de dichter sels* yn dy oanlieding stiet. Dát is wichtiger as wat der yn dy oanlieding stiet. In dichter kin ek op in hiel speciale manier lêze, en dêr moatte wij it measte omtinken oan jaan. Is it fers sels net dúdlik, en wurdt alsa de oanlieding fan wêzentlik belang foar de ynterpretaasje, dan is der liket mij ta wat mis mei it fers (mar dêr soe noch hiel wat oer te

sizzen wêze). Yn it spesiale gefal fan *Myn poëzij* liket mij de relaasje tusken oanlieding en ferstekst allinne mar fan literatuur-histoarysk belang ta, en net ta de saak dwaand foar de ynterpretaasje, *pace* Feitsma.